

## In skjinnenien

froulju, jonge praat my net fan froulju	Dm	Gm
ik kin net sûnder, mar ik kin der ek neat mei	A7	Dm
nim no mines: rint de hiele dei te âljen	Dm	Gm
oer it belang fan de gehielûnthâlderij	A7	Dm
neffens har is al dy frisdrank folle better	D7	Gm
no, dêr kin'k mei myn ferstân dochs wier net by	E7	A7
want wat hat in mins oan kleurstof mei wat wetter	D7	Gm
ober, hast noch in skjinnenien foar my:?	A7	

sis no sels, wat hast oan al dy argewaasje  
sa'n buorreltsje dat docht dochs nimmen kwea  
en it jout in minske wat ferdivedaasje  
en de kroechbazan in earlik stikje brea  
doe't ik jierdei wie, doe mocht ik ek neat skinke  
och, wat wie dat doe in stroeve praterij  
en al dy kola jong, ik moat der net oan tinke  
ober, hast noch in skjinnenien foar my?

wy ha no ek gjin drank mear yn de kelder  
want hja seit: it is hjir ommers gjin kafee  
in pilske liket my sa hearlik helder  
mar dan sit ik oan in ladd'rich bakje tee  
no, dan bin ik bliid dat'k sinten yn 'e bûs ha  
ik kom hjir tenminsten noch in bytsje by  
kom, wy nimm' noch ien, en dan mar wer op hûs ta  
ober, hast noch in skjinnenien foar my?